

# It Fryske bûsboekje op de luchtige toer

## Cultuur

Bûsboekje 2015 yn it teken fan humor

25



Bûsboekje 2015, mei syn fjirtichste ferskinning in jubileumútjefte, stiet yn it teken fan humor. In luchtich tema yn dizze Frysktalige aginda om glimkes op gesichten te tsjoenen.

## Achtergrond

Gerbrich van der Meer

**H**umor lost gjin fraachstikken op, mar helpt jin der oerhinne. Mei dizze útspraak fan de aforismeskriuwer Julien de Valckenaere (1898-1958) slút de jubileumútjefte Bûsboekje 2015 yn wike 51 ôf. De lêzer is dan al fyftich kear traktearre op lichtfuottige Fryske siswizen lykas "t Is wat sei âlde Jabik, alearen kraaiden de hoannen en no gapje se allinne mar", op strips fan Cor Hoekstra (1931-1996), de tekener út Oranjewâld dy't as CORK furoare makke rûnom op 'e wrâld, mar ek útspraken dy't djipper stekke lykas de útspraak fan Lûdwig Börne yn wike 16: Humor is gjin jefte fan de geast, mar in jefte fan it hert.

Fjirtich jier lyn kaam der foar it earst in redaksje by elkoar om in Fryske aginda út te bringen. Wie yn it begjin it Kristlik Frysk Selskip de útjouwer, letter waard dat de Ried fan 'e Fryske beweging. Neffens hjoeddeistich redaksjelid Klaas Johan Osinga, senior adviseur ynternasjonale saken by LTO-Nederlân, is der noch altyd ferlet fan taastbere aginda's. "In pear jier lyn waard myn emailaccount kaapt en is der ûnder myn namme in brief skreaun oan al myn relaasjes dat ik yn it bûtenlân siet mei jildkrapte. Oft se mar jild stoarte woene. Dat is in aaklike erfaring, hear, dat oaren yn jo gegevens omsneupe kinne en

saken ferstjoere kinne ûnder jo namme. Sûnt dy tiid bin ik in stik hoedener wurden yn myn omgong mei de firtuele wrâld." Sa'n bûsboekje hâldt dêrom ek in wichtige funksje, seit er. "Jo bliuwe sels baas oer jo aginda en by wize fan sprekken kin der ek gjin minsk by. En wat ek wichtich is fansels: in aginda yn eigen taal hat ek wat fertroude en eigens."

## Joadske kalinder

It Kristlik Frysk Selskip keas yndertiid foar in folchoarder fan dagen basearre op de Joadske kalinder. Dit jier begjint de wike foar it earst op moandei. "Dat wie bêst in stap, hear. In ûndersyk útfierd troch in groep Stenden-studenten makke dúdlik dat it in goede set wie om de wike op moandei begjinne te litten, tagelyk joech in enkête ûnder Bûsboekjegebrúkers net in ienriedich advys. Dus moast de redaksje der nochris oer gear. "Dat de wike op snein begjint, jildt foar de Joaden, mar yn de measte gefallen net foar ús, hawwe wy doe redeneard. Yn ús tradysje winskje wy elkoar in goed wykein, - dêr sit de snein by yn - en net oer in goed wykbejin."

## Histoarysk perspektyf

De redaksje fan it Bûsboekje noege yn it ferlingde fan it tema Pieter de Groot út om in bydrage foar it bûsboekje te skriuwen oer humor yn Frysk perspektyf. Yn heldere toanen beskriuwt de âld-redakteur en kolumskriuwer fan de *Leetwarder Courant* hoe't humor sûnt de njoggentjinde ieu stal krige yn Fryslân



40 jaar bûsboekje. Foto: Marchje Andringa

## Neist lichtfuottige humor binne der ek útspraken dy't djipper stekke opnommen

en fergeliket it mei de foardrachtskeunst yn it Nederlânsk taalgebiet. Fansels bringt De Groot it sjenre fan it ûnderstatement op it aljemint dat yn it Fryske taalgebiet noch altyd populêr is. Neist it karakterisearjen fan humor, set er de humor yn Fryslân yn histoarysk perspektyf. Sa beskriuwt er hoe't de hjoeddeistige

cabaretier Teake van der Meer yn de tradysje fan it âlde winterjûnenocht fan foardragers as Waling Dykstra en Tsjibbe Gearts van der Meulen stiet, wylst Rients Gratama nei syn perioade by Selskip Tetman en Jarich, it boerefermidden tematysk loslit en benammen boartet mei irony en selsspot. De Groot skriuwt oer de humor dy't 'op strjitte' fûn is troch ferhalesamlers as Dam Jaarsma en Ype Poortinga, mar ek troch in skriuwer as Rink van der Velde, dy't yn 'e kroech de humor wist te finen. Of bygelyks de skriuwster Hylkje Goinga dy't mei har 'húslike notysjes' in baas humoristysk skriuwster wie. Wat Fryske humor ûnderskiedt fan humor yn oare streken, is min te sizzen, beslút De Groot, mar wol is him dúdlik dat

mei de taal de humor ek ferearmet. Wurde der de lêste jierren sa'n fjouwer tûzen eksimplaren it jier ferkocht, dit jier hopet de redaksje op mear. Foar it bûsboekje hat it loslitten fan de sutelaksje fan Stichting it Fryske boek yn 2009 in minne set west, fertelt Osinga. By de kroade-ferkeap troch Fryslân hinne waard yn dy seis wiken wol in tytse twatûzen aginda's ferkocht. Mar lokkich pakt stifting Tsjil dit jier de sutelaksje foar de twadde kear op. Sy sille yn in tsiental doarpen sutelje. Mei dy frisse reade kleur fan it bûsboekje falt er dan moai op tusken de oare boeken!"

Bûsboekje 2015, 7 euro. Te keap by boekhannels, sjoch ek op [www.frysk-busboekje.nl](http://www.frysk-busboekje.nl)